

Swingel

yn dit nûmer û.o.:

Hoe ûnskuldich is de kanon?

De Fryske Rie en de trije Fryslannen (I)

Selkskipsspul **Euregua!** is út

Ymplemintaasje fan de wet

De kwaliteit fan it Frysk yn de media en by oare Fryske ynstellings (IV)

Doar.nl hâldt op



It oersetten fan it wurk fan Gysbert Japiks (ynstjoerde meidieling)

It Ferbân fan Fryske Foargongers (FFF) hat net allinnich tsjerklike foargongers as lid, mar stiet ek iepen foar gastleden út oare sektoaren. Gastlid Klaas Bruin-sma, âldlearaar Ingelske taal, taalkun-dige, klassikus en histoarikus en be-kend wurden troch syn oersetting fan Homearus en oare klassike boeken yn it Frysk krige foar syn hiele oeuvre op dat mêd yn 2007 in keninklike ûnder-skieding. Lykwols set er net allinnich klassike heidenske literatuer oer, mar ek Kristlike. Sa hat er ek wurk yn nij Frysk oerset fan Gysbert Japiks, dy't yn it Frysk fan de sechstjinde ieu skreau. Oer dat tema wol it FFF mei him gear. Nei syn ynlieding kinne de oanwêzi-gen har fisys jaan op de ynhâld en it taalgebrûk fan it referaat, neidat de

earste kritikus, dû. Pier Magré fan Frjentsjer, de foarset jûn hat.

Datum: woansdei 18 febrewaris 2009
Tiid: fan 9.30 oant 12.00 oere
Plak: Kuriostsjerke oan de Julianaleane te Ljouwert

Nei it skoft is der in leske yn Frysk taalidioom fan dr. Bernard Smilde fan Ljouwert. Ek is der gelegenheid ta it ponearjen fan stellingen. Ta beslút mei eltse foargonger oanjaan, hokker yn-bring as hy of hja yn 2009 jaan wol yn 'e foarm fan in referaat, in preek of in oare bydrage yn it Frysk. Gasten fan alle slach binne wolkom. In Lieteboek foar de Tsjerken mei-nimme.

Neiere ynformaasje is te krijen by dû. E. Jongstra fan Blije;
telefoan (0519) 56 27 32;
e-post: e.jongstra1@chello.nl

Fan de redaksje

Troch in stikmannich omstannichheden komt dizze Swingel wat letter út as de bedoeling wie. Wat deryn stiet hoech ik hjir net neier yn te lieden; it sprekt foar himsels. De kopij foar Swingel 23, dy't begjin april útkomme sil, moat foar 15 maart by de redaksjes wêze.

Jan Breimer, redakteur

Meidieling fan it deistich bestjoer

Oars as yn de foargeande jierren sil yn begjin 2009 gjin **Nijjerssûpke** holden wurde. It bestjoer beriedt him op in oare foarm foar it gearbringen fan safolle mooglik leden en stipers. Soks kin better yn in oare tiid fan it jier. Dêrtroch fer-skoot it útrikken fan de **Fear** ek. Yn Swingel 23 sil dêr mear ynformaasje oer stean.

Kolofon

Swingel is in útjefte fan de Ried fan de Fryske Beweging en ferskynt 3x yn it jier

Redaksje- en administraasjeadres
Keetwâltsje 1, 8921 EV Ljouwert
E-post: info@fryskebeweging.nl
telefoan en faks: 058-213 89 13

Meiwurkers oan dit nûmer
Jabik van der Bij, Gryt Elsinga,
Sytze T. Hiemstra, Wolter Jetten

Foto/yllustraasje foarside
Learlingen A.M. van Schurmanskoalle spylje Euregua!
Foto: Baukje van der Bij

Einredaksje
Jan Breimer, redaksje@fryskebeweging.nl

Foarmjouwing
Studio van Stralen BNO, Grins

Printer
Hanzedruk, Boalsert

Advertinsjeprizen
op oanfraach

Stiperskip/lêsjild
Stipers fan de Ried fan de Fryske Beweging krije Swingel fergees yn 'e bus. Stipersjild: € 20,00 jiers. Jongerein oant 25 jier: € 5,00 jiers. Fan 25 jier ôf groeit dat alle jierren mei € 2,50 nei € 20, - it jier. Losse nûmers: € 4,50
Rekken 1123454 o.n.f. Ried fan de Fryske Beweging, Ljouwert

ISSN-nûmer: 1567-9632

Ried fan de **Fryske Beweging**

Keetwâltsje 1
8921 EV Ljouwert

Hoe ûnskuldich is de kanon?

Jabik van der Bij

Yn wike 46 is de tiisdeis de Fryske skiednis-kanon oan de deputearre Jannewietske de Vries oanbean. Yn deselde wike sei âld-heellearaar De Swaan dat de Fryske Beweging allinne mar rjochtfeardige waard troch de leafde foar de eigen taal en de tongersdeis wiene Bos c.s. fan betinken dat Vogelaar mar oppakke moast. Trije saken dy't op it earste gesicht neat mei-inoar te krijen hawwe. Ik wol yn dit stikje op persoanlike titel oanjaan dat dy trije mear mei-inoar te meitsjen hawwe as men sljochtwei tinke soe.

Tsjintwurdich moat men, as it oer de kanon giet, derby sizze oer hokker kanon it giet. It kristlik folksdiel hie altyd al weet fan de kanon. Bibelboeken dy't it hellen om eartiids troch de strange keuring te kommen en neffens de konsyljes 'echt' wiene, waarden kanonike boeken neamd. Alles wat minder betrouber wie, wie apokryf. De kanon tsjinne as in soarte fan mjitlatte.

Oardel jier lyn is sa'n mjitlatte by de Nederlânske skiednis lâns lein, foar safier't der alteast fan in Nederlânske skiednis praat wurde kin. In groep wize minsken hat ôfpraat wat neffens har ta de wichtichste saken út it ferline heart. Krekt dêr sit de oast: de mjit-

latte hat net in objektive wiskundige skaal dêr't histoaryske 'feiten' oan ôfmetten wurde kinne. It is krekt oarsom: it binne de subjektive foarkarren fan tafallige (?) kommisjeleden. Mei sin stiet achter 'tafallich' in fraachteken, omdat ik tink dat dy kar hielendal net sa tafallich is. Steatskommisjes wurkje yn opdracht en dêrom prate se de opdrachtjouwer nei de mûle. Dat wie yn de Midsieuwen sa, doe't jild en swurd útmakken wat der yn de wrâld barde, dat wie sa doe't yn Fryslân de sân skoalopsjenners, dy't tagelyk lid wiene fan de provinsjale kommisje fan ûnderwiis yn Fryslân, yn tsjinst fan kening Willem I fan it skiednis-ûnderwiis Hollânsk skiednisûnderwiis makken. Yn ús tiid moast der in kanon komme omdat 'wy' wer grutsk op Nederlân wurde moatte. Allinne dat wurd grutsk al. Fortuyn is der mei begûn doe't er it oer de Gouden Ieu hie. Balkenende prate him nei doe't er rôp dat wy wer mear de VOC-mentaliteit krije moasten. Wilders en Verdonk hawwe der noch in skepke boppe-op dien en sa moatte wy no grutsk op Nederlân wêze. Soks moat der yndruid wurde. Dan smite wy der noch marris in kanon tsjinoan. Begryp my goed: ik bin bliid dat ik yn Nederlân wenje. Der binne safolle plakken op de wrâld dêr't it gâns minder is, mar oft soks ek ynhâlde moat dat ik grutsk op Nederlân of Fryslân wêze moat, dêr haw ik sterke

twivels oer. Dy skiednis-kanon stiet yn tsjinst fan de ynboargering. Dêr is it mei begûn: nij-ynkommers, mar ek minsken dy't hjir al tritich of fjirtich jier lyn te wenjen kommen binne, moatte grutsk op Nederlân wurde. Dêrom moatte se dwaan sa't wy dogge, tinke sa't wy tinke, prate sa't wy prate en sille se grutsk wêze op ús ferline. Krekt as soene wy sa grutsk wêze moatte op wat wy oeral op de wrâld útfretten hawwe: krústochten, slavehannel, ieuwen earmoed yn stêden en yn de feanterijen, om mar in pear foarbylden te neamen. En dogge wy it no sa goed? Wêrom moast dan in hiel programma foar de 'prachtwiken' opset wurde as it allegearre sa goed giet? Moatte wy der grutsk op wêze dat noch altyd delsjoen wurdt op minsken dy't earne oars wei komme? Kinne wy der grutsk op wêze dat sigeuners nearne as wurknimmer oannommen wurde? De kanon soe ta beskiedenheid yn stee fan grutskens liede moatte.

Sa kom ik by dat oare berjocht dat yn dy wike foar grutte opskuor soarge mar nei fjirtjin dagen de kranten al net mear helle: Vogelaar moat dermei ophâlde. Ik wol hjir gjin oardiel oer har hiele funksjonearjen

jaan, hoewol't ik it gefoel haw dat se tichter by de gewoane minsken stie as hiel wat PvdA-pommeranten. Vogelaar moast fuort omdat se slachtoffere wurde moast foar hegere sifers fan de PvdA yn de opinypeilings. Yn sa'n gefal giet it der net om oft jo gelyk hawwe, mar sjogge jo oft jo noch by de kiezers yn 'e smaak falle. As Wilders, Verdonk en Rutte yn populariteit winne omdat se de minsken nei de mûle prate, dan moatte jo as partijlieder in died stelle. Dan roppe jo mei yn it koar fan roppers en razers dy't har ferstân op nul set hawwe, dat wy wer grutsk op Nederlân wêze moatte. Dat ús identiteit der oars ûnderstrûpt, ek al kin gjin minske sizze wat dat is. It is te hoopjen dat soks net de frjemdingehaat is. Dan soene jo jo skamje om Nederlanner te wêzen.

En dan dat lêste berjochtsje oer De Swaan. Ut hannen fan Teake Oppewal krige er it earste eksimplaar fan de *Spiegel van de Friese poëzie*. It is de man dy't himsels as in anti-Fries sjocht. Ut syn mûle optekene: *Ik ben eigenlijk een tegenstander van die taal. Ik hou helemaal niet van deze Friese taal*. Oppewal c.s. binne dan sa masogistysk en bied sa'n man in earste eksimplaar oan. Dochs die er yn

de Rode Hoed in útspraak dêr't ik it wol mei iens bin, mar dêr't in protte Friezen en ek Nederlanners dy't sa oan it begryp identiteit hechte binne, perfoarst net wiis mei wêze sille. Hy seit en no sis ik it mar mei myn eigen wurden: "De iennige reden foar bewegers om har foar it Frysk yn te setten, is de leafde foar dy taal. Alle oare argumenten, lykas ekonomyske of didaktyske foardielen, telle eins net." Hy makket dus in skieding tusken taalbeweging en nasjonaliteit. Oant no hat de taalbeweging gauris lêst fan de falske romantyk fan de kontenerbegripen Fryske identiteit en kultuer. In romantyk dy't thús hearde yn de 19e ieu en dêr't it Frysk Genoatskip him noch hieltyd net frij fan makke hat.¹ Dat makket dat jo mei de beide fuotten op de grûn bliuwe kinne: jo hoege net grutsk te wêzen op it Frysk, jo binne wiis mei dy taal en dêrom sette jo jo der foar yn om dy taal libben te hâlden. Dêr hawwe jo it begryp identiteit en kultuer net foar nedich. Dy liede mar ôf en soargje foar gefoelens fan eksklusyf tinken: oaren wurde maklik bûtensletten. Foar my is it de fraach oft ynwenners fan in provinsje **in** identiteit hawwe en allegearre deselde kultuer. Neffens my heart identiteit by in yndividu en net by in groep. Dy kin wol mienskiplike gewoanten en gebrûken hawwe, mar om dy minsken yn ien identiteitsjasje te propjen giet my te fier.

Sa docht bliken dat alle trije foarfallen yn wike 46 wat te krijen hawwe mei wa't jo binne en wa't jo wêze wolle. Mar,

- ik wol mei myn krityske kanttekens net sizze dat der gjin (Fryske) skiedniskanon wêze moat. Der is in protte modern materiaal taheakke oan wat der wie en einlings kinne bern yn Fryslân better en mear mei de skiednis fan it eigen gea yn 'e kunde komme. Skiednis begjint ommers thús, by heit en mem en by pake en beppe. Der binne in pear betingsten. As de bern fan it begjin ôf de betreklikens fan 'skiednisfeiten' mar sjen litten wurdt. En as soks no mar krekt net ta ferkearde grutskens op it eigen ferline liedt.
- ik wol ek net bewearre dat Vogelaar as minister it sa goed die. Myn krytyk is dat in partij dy't seit op te kommen foar minsken yn de lytse loege net mei de massa meiroppe moat en dêrmei oan segminttaasje yn ús mienskip meiwurkje. Krekt sa'n partij soe in oar lûd hearre litte moatte.
- ik wol hielendal net bewearre dat De Swaan it lêste wurd oer it Frysk hawwe moat. Hy soe wolris gelyk hawwe kinne dat leafde foar de taal mear opsmyt as grutskens op de taal en it jin yn alle bochten wringen om nut en needsaak fan it Frysk deryn te huffen.

1 Ik doel hjir op de Hollânsktalige útstrieling fan it genoatskip. It blêd *Fryslân* dat it útjout is op de namme nei tsjintwurdich folslein yn it Hollânsk. In feriening dy't him om alles wat mei it ferline te meitsjen hat drok makket, mar him om in libbene taal net bekroadet, moat wol skizofrene trekjes hawwe. En dochs binne wy al jierren lid. Wêrom soe it iene net mei it oare lykop gean kinne?

De Fryske Rie en de trije Fryslannen (I)

Sytze T. Hiemstra¹

No't de lêste tiid it tal by de 'Ried fan de Fryske Beweging' oansletten organisaasjes tanommen is, sil geregeldwei sa'n organisaasje yn Swingeel foar it fuotljocht komme. Dizze kear is dat de 'Fryske Rie'.

Sytze T. Hiemstra is bestjoerslid fan de 'Fryske Rie' en fertsjintwurdiger dêrfan yn de 'Ried fan de Fryske Beweging'

Wat is de Fryske Rie?

De Fryske Rie hat as doel:

- it ûntwikkeljen en bekend meitsjen fan de Fryske kultuer yn brede sin (dus ek de Fryske taal), mei help fan ynternasjonale kontakten;
- it stimulearjen fan de kulturele posysje fan Fryslân yn Europa;
- it fuortsterkjen fan in better begryp en freonskip tusken minsken, groepen en folken;
- [en benammen] it fuortsterkjen fan de kontakten tusken de trije Fryslannen.

Aktiviteiten dy't yn it each springe, binne it organisearjen fan it Ynterfryske kongres, it Friezen Droapen op Hilgelân en reguliere meetings fan groepen út de Fryske befolking

De Fryske Rie wurket al mear as fyftich jier gear mei twa susterorganisaasjes yn Noard-Fryslân (Frasche Râdj) en East-Fryslân (Fräiske Râid of Freeske Raad). It is benammen in mei-inoar oparbeidzjen op kultureel mêd, mar ek in sosjaal-ekonomyske diskusje of in bewyske polityk wurdt net út 'e wei gongen. It dielnimmen oan de aktiviteiten fan de Fryske Rie stiet foar eltsenien iepen. Yn de Fryske Rie binne wer oare organisaasjes fertsjintwurdige, bygelyks de NLTO (Noardelijke Land- en Tuinbouw Organisatie), de Fryske Ried fan Tsjerken, de Vereniging van Friese Gemeenten en de Federaasje fan Fryske Studinteferienings. Dêrnjonken bestiet in Ynterfryske Rie.

Ein 2007 hat de Fryske Rie him oansletten by de Ried fan de Fryske Beweging. Men

moat dy beide rieden lykwols net trochinoar helje, al krewearje beide foar it Frysk, Fryslân en ynternasjonale kontakten mei oare minderheidstalen. De Ried fan de Fryske Beweging (RfdFB) is in koepel fan organisaasjes, de Fryske Rie (yn ús Fryslân) net.

De Fryske Rie en de Ried fan de Fryske Beweging hoopje fansels dat beide (stiftings) wat oaninoar hawwe sille en dat se inoar fersterkje. De Fryske Rie organisearre al in jiermannich yn 'e mande mei de RfdFB in 'Nijjierssûpke' oan it begjin fan it jier.

Ynterfryske Rie

No mear as in heale ieu lyn waard op it sechste Grutfrysk kongres (Friesenkongreß) op 28 augustus 1955 yn Auerk it ferneamde Frysk Manifest² oannommen.³ De Westerlauwerske Fryske sjoernalist en bewegjer Jan Piebenga hat dêr in Dútsktalige rede holden dy't grutte yndruk makke en nochal wat ynfloed hân hat op it tinken fan de Fryske bewegers yn alle Fryslannen.⁴

Jan Piebenga, 1955.



Mei troch syn opfettings waard op 18 febrewaris 1956 yn it East-Fryske Lêr de saneamde Friesenrat op 'en nij oprjochte. Dy 'Rat' hjit sûnt 11 septimber 1998 Interfriesischer Rat e.V. (Ynterfryske Rie).

De Ynterfryske Rie hat op it stuit in sintraal sekretariaat yn Auerk (Aurich yn East-Fryslân/Ostfreesland) en trije regionale seksjes (dat binne de trije Fryske Rieden):

- de ‘Seksje Noard’ yn Naibel (Niebüll; Nordfriislon/Nordfriesland yn Dútslân), foar Noard-Fryslân en Hilgelân;
- de ‘Seksje East’, yn Leer, foar East-Fryslân (Ostfreesland/Ostfriesland) en it Sealterlân (Seelterlound/Saterland yn Dútslân);
- de ‘Seksje West’, yn Ljouwert, foar de Nederlânske provinsje Fryslân (yn Dútslân ornaris Westfriesland neamd en by ús Westerlauwersk Fryslân).

Alle jierren is der in miene gearkomste fan de Ynterfryske Rie, dêr’t fan eltse seksje njoggen bestjoersleden oan dielnimme. Sa hat der bygelyks in mienskiplike moeting west yn juny 2007 (op Hilgelân) en yn augustus 2008 (yn Westerlauwersk Fryslân). Twa fer-

tsjintwurdigers fan elts fan trije seksjes komme sa’n trije kear jiers byinoar om alle mienskiplike plannen en moetingen ta te rieden. De Ynterfryske Rie koördinearret it wurk fan de trije seksjes.

Moetingen

De moetingen wurde yn ’e regel al jierren fan tefoaren fêststeld. Sa hawwe de Fryske Rieden tradisjoneel trije typen reguliere aktiviteiten:

1. De Grut- of Ynterfryske Kongressen wurde sûnt 1925 holden; nei de fyftiger jierren fan de foarige ieu ien kear yn de trije jier. Sa wie yn 2003 it kongres ‘Gastfrij Fryslân’ yn Ljouwert en yn 2006 it kongres ‘Iepen Doarren’ yn Læk (Læk, yn Noard-Fryslân, by de Dútsk-Deenske grins). Fan 12-14 juny 2009 sil it Ynterfrysk kongres yn East-Fryslân holden wurde yn Leer, yn 2012 yn ús Fryslân en yn 2015 wer yn Noard-Fryslân. Alle lêzers fan de *Swingel* en oanhing binne dan fansels fan herten wolkom.⁵
2. In Ynterfryske aktiviteit is ek it sa-neamde *Friesen-droapen* (moeting fan Friezen) op it reade rotseilân Hilgelân (deät Lun/Helgoland). It is in kultureel barren fan mear as ien dei mei artys-

ten út alle Fryslannen, Sealterlân, it Land Wursten en it Land Würden. It wurdt om de trije jier organisearre foar in breed publyk. De earstkommende reizen nei Hilgelân sille yn (maaie/juny) 2010, 2013 ensfh. wêze.

3. *Stúdzjemoetingen* fan beropsgroepen dy’t yn de Fryske Rie fertsjintwurdige binne, wurde ôfwikseljend yn de trije Fryslannen holden. Sa hat der yn 2007 in *boeremoeting* west yn ús Fryslân en yn 2008 yn Noard-Fryslân. Yn 2009 sil dy holden wurde yn East-Fryslân en yn 2010 wer by ús. Yn dat lêste jier is it de 50^{ste} kear (!). Yn 2008 hawwe studinten fan it Ljouwerter Agrarisch Opleidings Centrum (AOC) learlingen fan in *Fachschule für Landwirtschaft* (en dus almeast takomstige boeren) yn Noard-Fryslân troffen. De jonge Noard-Friezen komme yn 2009 ús kant út.

Spitigernôch koe in *ûnderwiismoeting* yn 2007 yn ús Fryslân net trochgean. Oer in pear jier wurdt it *learkrêftetreffen* yn de ien of oare foarm lykwols grif fannijs holden. Der binne ek plannen om yn it ramt fan in *Mercator*projekt in moeting fan 3 à 4 dagen te organisearjen yn de sfear

fan it Tomke-projekt, dus benammen rjochte op de taaloerdracht oan jonge bern. It treffen stiet dan ek iepen foar dielnimmers fan bûten de trije Fryslannen. It trochgean fan sa’n moeting hinget (mei) ôf fan subsydje út Brussel. De Fryske Rie sil dan in kulturele ekskurzje foar de dielnimmers organisearje.

Yn 2008 hat der yn Noard-Fryslân in *frouljusmoeting* west en dy wurdt wer organisearre yn 2010 (Westerlauwersk Fryslân) en yn 2012 (East-Fryslân). Tige slagge wie de *bestjoersmoeting* (politisj) yn 2008 yn Noard-Fryslân, dy’t oer in pear jier wer holden wurde sil yn East-Fryslân (2010) en yn ús Fryslân (2012). Der wurde prikken yn it wurk steld om ta in *pastoaresmoeting* of Ynterfryske tsjerke-dei te kommen.

Studinten en oare jonge lju (tusken de 16 en 21 jier) sille mei stipe fan ús Fryske Rie yn 2009 in Ynterfrysk simmerkamp fan in wike yn East-Fryslân (*Spikereach/Spiekeroog*) hâlde. It kamp giet út fan it *Friesisches Forum* en hat as sintraal tema de Fryske identiteit en skiednis.

Boppedat moatte neamd wurde:

4. De kulturele Fryske jûnen yn 'De Bres' te Ljouwert. Dat binne iepenbiere jûnen oer ferskate kulturele ûnderwerpen dy't te krijen hawwe mei it doel fan de Fryske Rie.
5. Mooglik sil der yn de heine takomst in boattocht organisearre wurde by de Fryske eilannen lâns.

Noch wat aktiviteiten fan de Ynterfryske Rie

1. Begjin 2006, waarden op it Noard-Fryske waadeilân Söl (Dútsk: Sylt) de earste eksimplaren útrikt fan in bysûndere Dútske postsegel, û.o. oan de minister-presidinten fan Niedersachsen en fan Schleswig-Holstein. Op it segel stiet boppe in weagjende Noardsee – it natuerelemint dat alle Friezen ferbynt – yn trije talen: Fräiske Räd, Fräshe Rädj en Fryske Rie. It segel hat in wearde fan 90 sinten, it



nije Dútske taryf foar poststikken oant 50 gram. Oerders stiet op it postsegel: 50 Jahre Friesenrat.

2. De Ynterfryske Rie sil yn de kommende tiid 'offisjeel' in Ynterfryske flagge fêststelle. De 'offisjeuze' flagge dy't yn 2006 op it Reaklif oanbean waard, waard net yn alle regio's wurdearre.
3. Op 15 desimber 2008 ferskynt de Fryske oersetting fan it Dútsktalige boek *Die Friesland*.⁶ Der sit in moaie topografyske kaart yn fan alle Fryslannen mei de ierdrykskundige nammen yn de eigen minderheidstaal fan elts fan de Fryslannen. De kaart is makke troch Kerst Huisman.

Ferbûnens

De Friezen út de trije Fryslannen hearre ta mear as ien steat, mar yn de 'Ynterfryske ferklearring' út 2006 sprekke se út dat se har, nettsjinsteande dat, ien folk fiele. En dat se as Frysk folk de eigen taal, dy't sa beskiedend is foar har identiteit, befoarderje en útbouwe wolle. De Friezen dogge dêrby in berop op alle offisjele en net-offisjele ynstânsjes om harren dêrby te stypjen. Se wolle inoar bystean yn Fryske oangelegenheden (sjoch de Ynterfryske ferklearring op side 9). Dat



is wol nedich, want net allinnich de Westerlauwerske Friezen hawwe in swiere sile te lûken om har taal yn wêzen te hâlden, by de Noard-Friezen en Sealterlanners is dat noch folle dregger. Dêr kom ik, foar in better begryp, yn kommende *Swingels* op werom. Dêrby is ek wat kennis fan en ynsjoch yn de skiednis fan de Fryske beweging yn ús en har kontreien tige fan betsjutting

It Frysk manifest

“Op 'e dei fan it sechte mienskiplik gearkommen yn dizze ieu steane wy Friezen oeral wei, út Noard-, Westerlauwersk en Eastfryslân, út Sealterlân en Wursten, út Oldenburg en fan Hilgolân, op it earwurdich sté by de Upstalbeam, dêr't yn 'e Midsieuwen ôffurdigen fan 'e sawn sêlannen plichten gear te kommen. Wy binne hjir gearkommen yn 'e oertsjûging, dat wy byinoar hearre en omdat dy oertsjûging sa sterk is, dat dy wurd hawwe wol, in oertsjûging, dy't bistean bleaun is troch alle skiedkundich barren en oer alle grinzen hinne, dy't yn 'e rin fan 'e tiid ûntstien binne.

Mienskiplik hawwe wy ús folksaerd, mienskiplik de striid tsjin it geweld fan 'e Noardsé, mienskiplik binammen it witten fan ús frijheit, fan Nederlân ont Denemark ta.

De tiid ferget greater forbannen. De trije Fryslannen sizze fan herten ja op alle stribjen, dat ta de ienheit fan Jeropa liede kin. Al hearre wy ta mear as ien steatsforbân, wy fiele lykwols oer alle skiedingen hinne, dat wy hearre ta ien folk, wend en fan doel, trou te bliuwen oan syn folksaerd.

Mei de Friezedagen, dy't yn 1925 yn Jever bigoun binne, wolle wy ús rekkenskip jaen fan 'e mienskiplike wearden. Wy leauwe yn kultuer, dy't har woartels hat yn 'e djipten fan it folksaerd en meiinoar wolle wy dêr noed fan stean. Wy steane der by de forantwurdlike ynstânsjes op oan, de wearde fan it kulturele wurk fan ús Fryske ynstellingen en forbannen rjocht te dwaen en dat sa to stypjen, dat it him folslein ûntjaen kin en de sterkste dyk wurdt tsjin de alles oersljochtsjende massafoarming.

Wy leauwe yn 'e greate bitsjutting fan ús memmetael, itsij Frysk, itsij pladútsk, dy't wy as weardefolst erfskip meikrigen en dy't wy foar alles hoedzje en noedzje wolle. Aldershûs, skoalle en tsjerke moatte ús dêrby helpe en wy freegje fan alle steatsynstânsjes, de wearde fan dat wurk mei to stimmen.

Wy leauwe yn de mienskiplike taek. De Friezerie, dy't wy yn it libben roppe wolle, sil it oparbeidzjen fuortsterkje, wittenskip, skriftekennisse en alle skeppend stribjen bifoarderje moatte, ta greater eare en oansjen fan Fryslân yn 'e wrâld.

Oannommen op it 6ste Grutfrysk kongres op 28-08-1955 te Aurich (East-Fryslân)

Boarne: DE STIM fan Fryslân, Kristlik Frysk wykblêd, 16 septimber 1955

De polityk en útwikselings oer de grinzen hinne

Yn de provinsjale *Untwerpnoata taalbelied 2006* ('Better sichtber, mear fertroud') wurde foar de perioade oant en mei 2015 by haadstik 6, 'Ryk en Europa' acht doelen (resultaten) formulearre (s. 16/17), dy't foar de Ynterfryske kontakten fan belang binne. Dat jildt ek foar kêst 14 fan it Europeesk Hânfest foar regionale talen of talen fan minderheden dat hannelet oer 'útwikselings oer de grin-

zen' hinne. Dat kêst soe neffens it *Oanfalsplan Frysk (2007, 1^{ste} ferzje en 2008, 2^{de} ferzje) fan de Feriening Frysk Underwiis (FFU), de Ried fan de Fryske Beweging* en oaren noch foar 2010 folslein útfierd wurde moatte.⁷

Kêst 14a fan dat Europeesk Hânfest slacht op it befoarderjen fan de kontakten tusken de brûkers fan deselde taal (by ús it Frysk) yn ferskillende steaten (by ús Nederlân en Dútslân) op it mêd fan kultuer, ûnderwiis, ynformaasje,

beropsoplieding en permaninte edukaasje. En kêst 14b slacht op it makliker meitsjen en/of befoarderjen fan grinskusende gearwurking tusken regionale of lokale autoriteiten fan gebieten dêr't de minderheidstaal (by ús wer it Frysk) brûkt wurdt. Ik gean net yn op de besteande ôfspraken dêroer.⁸

Neffens it *Oanfalsplan* kin men der wiis mei wêze dat de Provinsje Fryslân de kontakten mei East- en Noard-Fryslân

Ynterfryske ferklearring

- Rekken hâldend mei de mienskiplike skiednis fan de trije Fryslannen,
- erkennend dat de Friezen de wil hawwe om oer de nasjonale grinzen hinne yn in mienskiplik Europa harren eigen taal en kultuer en dêrmei ek harren eigen identiteit yn de takomst te behâlden,
- ússels derfan bewust wêzend dat it in frije kar is om ta it Fryske folk hearre te wollen,
- der rekken mei hâldend dat yn Fryslân, Noard-Fryslân en yn Sealterlân de Fryske taal, yn East-Fryslân it Leechdútsk yn it middelpunt fan it kulturele wurk stiet,
- yn oerienstimming mei it Ramtferdrach fan de Europeeske Rie ta beskerming fan nasjonale minderheden en it Europeesk Hânfêst foar regionale talen en talen fan minderheden en
- mei in berop op it Frysk Manifest út 1955, ferklearje wy as yn de Ynterfryske Rie fertsjintwurdige Friezen:

Wy hearre ta mear as ien steat, mar fiele ús dochs, nettsjinsteande alles wat ús skiedt, as hearrend ta ien folk, dat nefens wenst en wollen de eigen taal ûnderhâlde en útbouwe wol. Wy wolle ús taal, dy't foar ús identiteit beskiedend is, befoarderje en útbouwe. Wy dogge in berop op alle offisjele en net-offisjele ynstânsjes, benammen pjutteplakken, skoallen, tsjerken, "Landschaften", iepenbier bestjoer, ferienings en media om ús by ús stribjen nei befoarderjend fan ús taal te stypjen.

Wy befoarderje en ûnderhâlde ús mienskiplike Fryske kultuer, dy't mei ús eigen taal ferbûn is. Wy roppe – yn de geast fan it Hânfêst en it Ramtferdrach ta beskerming fan nasjonale minderheden – de Bûnsrepublyk Dútslân en it Keninkryk fan 'e Nederlannen op om it wurk fan ús Fryske yntitúsjes, ynstellings en ferbannen sa te befoarderjen, dat wy Friezen de stipe krije dy't oan de Europeeske standert foldocht.

Wy, Friezen yn Noard-, East- en West-Fryslân, wolle elkoar bystean yn Fryske oangelegenheden.

Wy wolle de gearwurking fuortsterkje om de eigen taal, kultuer, wittenskip, literatuer en alles wat rjochte is op skeppend wurk, te befoarderjen, mei it doel dat it taakundich en kultureel ferskaat yn de Fryslannen en yn Europa ek yn de geast fan de UNESCO-konvinsjes fuortsterke wurdt.

Us wurk fynt syn grûnslach yn it bewustwêzen dat wy yn de trije Fryslannen yn ien mienskip libje mei minsken dy't har neffens komôf, taal of op oare grûnen net as Friezen beskôgje. Dat gearlibjen easket respekt en tolerânsje fan wjerskanten en dat stribje wy ek nei. Wy binne derfan oertsjûge dat wy dêrmei ek bydrage oan de frede yn ús diel fan 'e wrâld.

Oannommen yn de miene gearkomste fan de Ynterfryske Rie op 5 maaie 2006 yn de Nordseeakademie yn Leck, Nordfriesland

Op 7 maaie 2006 ûnderskreaun troch de foarsitters fan de ûnderskate seksjes: Noard, East en West

Op 23 novimber 2006 Fryske tekst autorisearre yn de gearkomste fan de Fryske Rie te Ald Beets

yntinsivearje wol, ûnder mear troch mear útwikselings en it opsetten fan mienskiplike projekten op it mêd fan kultuer, taal en ûnderwiis (Untwerpnoata 2006, s. 16: tredde doel). En ek dat de kontakten mei de Fryske Rie en it Europeesk Buro foar Lytse

Talen (EBLT) en/of Mercator (Ibid., s. 17) yntinsiver wurde sille.⁹ It ûndersyk nei de praktykútwerking fan Europeeske ratifisearre hawwe as middel om ta it ynfoljen fan *minimumstanderts* (Ibid., s. 17)

te kommen, liket de opstellers fan it oanfalsplan ek fan grut belang

Der sil lykwols neffens har ek ûndersocht wurde moatte wat de Provinsje (noch) mear dwaan kin as allinnich it

stimulearjen en fasilitearjen fan útwikkelings oer de grins hinne. Te tinken falt oan it aktyf styppen fan it krewearjen foar it Frysk yn Noard-Fryslân en Sealterlân en it besykjen om politike ynfloed út te oefnen op de Dútske oerheden, om it plak fan it Frysk yn it ûnderwiis en oare domeinen (bgl. de media) yn East-Fryslân (en Sealterlân) en Noard-Fryslân te ferbetterjen.

Omdat de Fryske folksgroepen en it Frysk yn Dútslân in noch swierdere

sile te lúken hawwe as de Friezen yn Westerlauwersk Fryslân as it giet om it fuortbestean fan de eigen taal en kultuer en it oerdragen fan de mienskiplike skiednis, hat ús (Westerlauwersk) Fryslân, as grutste fan de trije Fryslannen (wat it tal sprekkers en skriuwers oanbelanget), neffens it Oanfalsplan de morele en kulturele plicht om (mei) te striden foar it ferbetterjen fan de maatskiplik posysje fan de ûnderskate Fryske tongslaggen dêre.

In mienskiplik projekt dat yn dat ramt yngeander besjoen wurde moat, is neffens de skriuwers fan it plan it ta stân bringen fan in 'mienskiplike' kanon foar de Fryske taal, skiednis en kultuer fan de trije Fryslannen, dy't ek in wichtich plak krije moat yn it ûnderwiis (lear- of ûnderwiisplan) fan it basis- en fuortset ûnderwiis yn de trije Fryslannen.

Ik slút my dêr, ek as lid fan de Fryske Rie, fan herten by oan.

Noaten

- 1 Mei tank oan Roel Kaastra en Saapke Miedema (resp. foarsitter en sekretaris/ponghâlder fan de Fryske Rie) foar harren oanfoerings en ferbetterings.
- 2 Sjoch 'It Fryske manifest' op side 8 fan dit nûmer. De Dútske tekst is te finen op: www.fryskebeweging.nl/ffu/publikaasjes/ferklearrings. En ek by www.fryskerie.nl/publikaasjes. Taljochting: Thomas Steensen merkt yn syn nije útjefte fan Geschichte Nordfrieslands von 1918 bis in die Gegenwart, Teil 5 (Bräist/Bredstedt: Verlag

- Nordfriisk Instituut, 2006, s 144) oer dat Frysk Manifest op: "Die Westfriesen und die nationale Nordfriesen hätten statt von einem "Stamm" lieber von einem "Volk" gesprochen. Als Kompromiss wurde dieser Begriff in der westfriesischen Fassung des Manifestes verwendet."
- 3 Yn 2005 waard dat betocht by de Upstalsbeam te Auerk, it gearkomsteplak fan de midsieuske Friezen.
- 4 Jan Piebenga syn rede is oan te klikken op it webstek fan de Feriening Frysk Underwiis (FFU): www.fryskebeweging.nl/ffu/publikaasjes/advizen/JP-WirFriesen.pdf en op www.fryskerie.nl, rubryk 'Publikaasjes'.
- 5 Ynformaasje is te krijen by sekretaris/ponghâlder Saapke Miedema, Troelstrapark 3, 8918 MA te Ljouwert. Sjoch ek www.fryskerie.nl
- 6 It is in prachtich yllustrearre boek oer de skiednis fan de trije Fryslannen dat al yn 2006 yn opdracht fan de Interfriesische

- Rat (Ynterfryske Rie) troch Thomas Steensen mei bydragen fan oaren (Piet Hemminga en Hajo van Lengen) yn it Dútsk publisearre is yn Bräist (Bredstedt) troch Verlag Nordfriisk Instituut (127 siden).
- 7 It 'Oanfalsplan Frysk' is op it webstek fan de FFU oan te klikken: www.fryskebeweging.nl/ffu. It is û.o. te finen by Brieven 2007 en 2008 en by Publikaasjes ('Rapporten en noata's').
- 8 Sjoch bgl. de Derde Bestuursafpraak Friese Taal en Cultuur 2001-2010 (Den Haag, 5 juni 2001), s. 30-31, en it Uitvoeringsconvenant Friese taal en Cultuur 2005. En ek de Derde Rapportage betreffende het Europees handvest voor regionale talen of talen van minderheden 2002-2005 (Ljouwert/Leeuwarden: Fryske Akademy, 2007, s. 221-228). En ek it Oanfalsplan, haadstik VIII, Utwikseling oer de grinzen hinne [ynklusyf de noaten].
- 9 Sjoch it Oanfalsplan, haadstik VIII, Utwikseling oer de grinzen hinne [ynklusyf de noaten].

Eltsenien dy't wolris in hûs kocht hat, wit hoe't de proseduere rint. Earst de keapoerienkomst by de makelder, dan de hypoteekakte en de akte fan levering by de notaris. Ferieningen en stiftingen kinne sûnt febrewaris 2002 har oprjochtingsakte en karbrief yn it Frysk opstelle litte, sûnder in Nederlânske oersetting derby. Giet it lykwols om hypoteekakten en akten fan levering, dan binne der noch wol wat tûkelteammen.

De makelder

Om dy tûkelteammen te ferhelderjen moatte wy by de makelder begjinne. Wat bart der as de keaper by it oangean fan de keapoerienkomst oanjout dat er de akte fan levering yn it Frysk hawwe wol? Net alle makelders yn Fryslân witte wat de mooglikheden by de notaris binne wat it Frysk oangiet. Yn guon gefallen sille se de keaper of de ferkeapjende partij freegje oft it net yn it Nederlânsk kin. Foar in soad minsken sil it ferhaal dêr ophâlde. Lykwols, men kin ek hoekhâlde!

De makelder is in tuskenpersoan, dy't meastal yn opdracht fan de ferkeaper bemiddelet by it ferkeapjen fan it hûs. As de keaper yn sa'n gefal de notariële akten yn it Frysk hawwe wol, sil er dêr de ynstim-

ming fan de oare partij foar hawwe moatte. Dy oare partij kin ek in bedriuw wêze dat bygelyks ûnreplik guod ferhiert. Dy bedriuwen sitte net allegear yn Fryslân en dogge gauris saken mei notarissen fan bûten de provinsje. De oare partij sil dus earst akkoart gean moatte op it stik fan taal. As de oare partij mei it útstel akkoart giet om de akten yn it Frysk passearje te litten, dan komt de notaris oan bar.

De notaris

Alle notarissen yn Nederlân kinne mei help fan in beëdigde oersetter de notariële akten yn it Frysk passearje litte. Yn dat gefal wurde oersetkosten yn rekken brocht. De keaper/ferkeaper wurdt dus foar it brûken fan it Frysk straft! Yn de wet op it notarisamt stiet it allegear kreas omskreaun. Wetlik is alles regele, mar de praktyk bliuwt dreech.

De wet seit neat oer de taal as it om de keapoerienkomst sels giet (de basis fan de notariële akte fan levering). De wet stelt yn it algemien gjin formele easken oan de taal fan de oerienkomst. Dat betsjut dat oerienkomsten yn it Frysk opsteld wurde kinne. In Fryske oerienkomst is dan ek útsoarte jildich, om mar te swijen fan mûnlinge oerienkomsten dy't Frysktaligen alle dagen mei-inoar slute en dy't net op papier steane. It soe net bêst wêze as it oars wie. Tinkris oan de feemerk, foarsafier't dy der noch is, en de ferkeapoerienkomsten dy't dêr sletten wurde.

Ymplementaasje

Wetlik kin al in protte. Der is foarsjoen yn de mooglikheid om offisjele stikken yn it Frysk op te stellen. Soks is regele foar saken dy't fan iepenbier belang binne, bygelyks oangeande de eigendomsferhâldingen yn notariële akten. Salang't dat yn de praktyk net by eltsenien bekend is, bliuwe de rjochten deade letters. It fasilitearjen fan it brûken fan it Frysk yn offisjele stikken is dan ek net genôch. Der is in oanboazjend ferlet fan fierdere ymplementaasje om it rjocht yn de praktyk te bringen.

It giet om it hieltyd wer op 'e hichte bringen fan it foech op it mêd fan de Fryske taal. Sa soene nei de ferkiezings alle gemeentlike, provinsjale en lanlike politike partijen op 'e nij op 'e hichte brocht wurde moatte fan de wetlike status fan de Fryske taal. Dat jildt ek foar bestjoerlike organen en it Fryske part fan it bestân fan de Keamer fan Keaphannel. De wetlike status mei help fan in taalpaadwizerkaart dy't om 'e fjouwer-fiif jier ferstjoerd wurdt soe in help wêze foar Belestingsjinst, politike partijen, Rykswettersteat, Keamer fan Keaphannel, Provinsje en Gemeenten. De Provinsje Fryslân, dy't de ferantwurdlikheid hat oer it foech fan de Fryske taal, soe oangeande foarljochting op dat mêd dan ek de wichtichste kaaifaktor wêze moatte.

Selskipsspul Euregua! is út

Op 19 novimber 2008 waard it selskipsspul Euregua! yn de skoallemienskip Anna Maria van Schurman te Frjentsjer presintearre. It earste eksimplaar waard oerlange oan deputearre Jannewietske de Vries. Op dizze siden in pear ympresjes.

E **L**
U **I**
R **E** **G** **I** **O**
O **U**
P **A**
A **A** !



YKK-lid Willem Riemersma fertelt wat oer de mooglikheden fan it spul.



Ut namme fan de Ynternasjonale KontakteKommissje (YKK) fan de Ried fan de Fryske Beweging jout Geeske Krol oan de oanwêzigen útlis oer it doel en de eftergrûn fan it spul.



Deputearre Jannewietske de Vries krige de doaze út hannen fan YKK-lid Jaap Rinzena (l). Yn har tankwurd ûnderstreke de deputearre dat dit spul tige goed yn it belied fan it Provinsjebestjoer past.



Nei it offisjele part koene de oanwêzigen sjen hoe't de learlingen fan de skoallemienskip Anna Maria van Schurman mei it spul spilen.

EUREGUA!

It spul hâldt it midden tusken in guozzeboerd en triviant. Yn de mûnske doaze sitte in pear steapels kaartsjes mei fragen oer de Fryslannen. Fryslannen, omdat der aparte steapels foar Sealterlân en foar Noard-Fryslân binne. Yn Sealterlân – sa'n fyftich kilometer foar-by Nijeskâns – prate noch rûchwei 2.000 minsken (Sealter)Frysk. Yn Noard-Fryslân – ek yn Dútslân, tsjin de Deenske grins oan – binne noch sa'n 10.000 (Noard-)Fryskpraters. Der sitte ek fragen yn it Biltsk, Stellingwerfsk en Hylpers yn.

De fragen geane oer de skiednis fan Fryslân, geakunde en natoer, mar der binne ek mear algemiene fragen oer sport, muzyk ensa-fuorhinne. Tagelyk wurde Europa en dan benammen de oare minderheidstaalgebieten yn Europa net fergetten.

In doaze kostet € 32,50. Dat kin sa goedkeap omdat it net in kommersjeel produkt is, mar makke troch frijwilligers en mei stipe fan de Ried fan de Fryske Beweging, de Provinsje Fryslân, de Douwe Kalmastichting en de Boersma-Ademastichting. Om de hege ferstjoerkosten kin it spul net ferstjoerd wurde. Sjoch de list mei adressen dêr't it ôf te heljen is. Graach earst eefkes belje.

Op ûndersteande adressen is it selskipsspul **EUREGUA!** te keap.

plak	namme	adres	telefoan
Riis	Douwe Abma	Smitsleane 7	0514-572259
Ljouwert	Renze Valk	Hempenserweg 8	058-2883259
Twellegea	Jaap van der Bij	Lytse Súdein 55	0515-559597
Boarnburgum	Geeske Krol	Skeane Wei 29	0512-516897
Stiens	Gryt Elsinga	Canterstins 6	058-2572650
Frijentsjer	Wiebe Lageveen	Albrondalaan 8	0517-397865
Aldeberkeap	Schrieversronte	Willinge Prinsstraat 10	0516-451108
Feanwâlden	Willem Riemersma	De Eiken 71	0511-472332
Ljouwert	Klaske Straatsma	Bleekhof 55	058-2667458
Itens	Tom Dykstra	Hearedyk 9	0515-331868
Grou	Jan Breimer	It Skûtsje 27	0566-624631
Grou	Pyt Deelstra	Stasjonswei 40	0566-621504
De Jouwer	Meindert Tjerkstra	Stjoerboerd 118	0513-850656
Warkum	Meindert Tjerkstra	(wurk)	0513-850656
Bitgummole	Bertus Postma	It Bosklân 15	058-2532780
Sint Anne	Froukje de Jong	Ouwe-Dyk 487	0518-400081

De kwaliteit fan it Frysk

yn de media en by

oare Fryske ynstellings (IV)

Sytze T. Hiemstra

Teake Hoekema hat yn 1986 in artikel skreaun oer slof taalgebrûk yn kranten en tydskriften. Hy freget him ôf: “[...] wolle wy noch wat mei it Frysk of is it langer in spultsje fan hieltyd mear tebekfallen fan de bûtendiken op 'e slieperdiken, oant dy ek brekke en de hiele krite splis stiet? M.o.w. 'de weg naar het kakhuis' sa't Joast Halbertsma it earne útdruckt? As gemaksucht en ûnkunde ús ferkoft wurde as in 'prinsipe' (dat fan de skriuwtaal moat har hieltyd op 'en nij rjochtsje nei de sprektaal) ynstee fan dat

praters en skriuwers fan ús taal brocht wurde ta de noarm fan goed Frysk, dan hoecht men gjin grut profeet te wêzen om te foarsizzen wêr't it hinnegiet. [...]

As 'de weg naar het kakhuis' algemien oanfurdige en ek de gongbere wurdt by sjuerys en redaksjes, hoege wy ús nearne mear drok om te meitsjen, want it hâldt yn dat ús sprekkers en skriuwers de paadsljochters wurde foar in griemank dat de namme fan Frysk net mear fertsjinnet. Ek ús taalkundigen sille taalbou en taalwarjen heger prioriteit jaan moatte as it folgjen fan taalferfal. [...]

In sprekker of skriuwer dy't himsels net weismyt, docht flyt op ynhâld en foarm fan wat er te sizzen of te skriuwen hat. Meiwurkers oan tydskriften fertsjinje om holpen te wurden troch

Opskerpers 1

Losse wurden yn alfabetyske folchoarder

averjochts	(dwers)ferkeard; earslings
belachlik	bespotlik
belagers	beleagers
broers	bruorren
bronnen	boarnen
echtpear	pear, troud pear, stel, man-en-wiif
ferhaallijn	tried yn it ferhaal
ferûntweardiging	lilkens/lulkens
fiersocht	fier socht
fisitekaartsjes	nammekaartsjes
flekkeleas	ûnbesprutsen, sûnder wryt of slyt
freule	frelle
froeger	earder, foarhinne, eartiids, alear(en)
gedachteguod	tinkwrâld
gegevens	feiten, it materiaal, bysûnderheden, ynformaasje
geleafde	leafste, minner, beminde
gesprekpartners	peteargenoaten
gesprekûnderwerpen	ûnderwerpen fan petear, praatûnderwerpen

Opskerpers 1 (fuortsetting)	
hannekemaaiers	hantsjemieren, (lapke-)poepen
helaas	spitigernôch
hertinkingsboek	tinkboek, betinkingsboek
kracht	krêft
leeftyd	âldens, jierren
lollich	grappich
lotgefallen	wederwarichheden
mostert	moster
nergens	nearne, op gjin inkeld plak
nuchtere	nochteren/nofteren
nukken	oanslaggen, gritsen, kueren
oerspeligen	troubrekkers
ôfgeunst	oergeunst
omstreeks	likernôch, sawat, om en by, om-en(de)-by
opdrongen (opdringe)	optwongen, oprongen (optwinge, -kringe)
perongeluk	troch ûngelok, by fersin, sûnder erch
poging	besykjen
rane	teie
reizigjen (reizigje)	reizgjen (reizgje)
sowieso	yn alle gefallen, dochs al, no ienris
stoart (stoare)	steurt (steure)
sudderjen (sudderje)	soar(rel)jen (soar(rel)je)
swangerskip	dracht, swierwêzen
ten goede	te'n goede
ûndanks	nettsjinsteande
ûntroerend	oandwaanlik
wegens	fanwegen(s); om
welk	hok(foar), wat(foar)
yts	wat/eat

saakkundige redaksjes. In goed literêr bestel moat de kompetinsje en de moed hawwe om dêr't dat nedich is, de finger op it sear te lizzen. Dêrmei is it oansjen fan taal en literatuer – wichtige komponinten yn ús bestean as folk op 'en bêsten tsjinne.’¹

‘De weg naar het kakhuis’?

Halbertsma en Hoekema harren ‘weg naar het kakhuis’ komt my allegeduerigen yn it sin as ik konfrontearre wurdt mei it taalgedrach fan in kritikus dy’t sûnt 2006 yn de *Leeuwarder Courant* Fryske literatuer kritisearje mei. Ferwachtet men fan kritisy net dat se harren skôgings yn geef Frysk skriuwe kinne en wolle? It liket my, lykas Hoekema, nochal fanselssprekkend. Lju dy’t in oar har wurk op 'e souwe lizze, rinne kâns dat har eigen skriuwersaasje dêr ek trochhinne falt as har ark, de taal, net oan kwaliteitseasken foldocht. Sokken wurde net langer serieuus nommen.

Nei de oarloch foldiene de skôgings fan Anne Wadman yn de 1C oan hege easken, ek op it stik fan de taalkwaliteit. En yn de lêste jierren koene Jabik Veenbaas, Abe de Vries en Harmen

Wind suver altiten likegoed oan myn ferwachtings foldwaan. Yn de tusken-tiid hawwe der yn de 1C mear boek-skôgers west dy’t de skerpe pinne hantearje mochten en dy’t amper flaters yn har Frysk hiene. Ik haw my alteast komselden oan harren stikken steurd.

Jetske Bilker as eksimpel

Tsjintwurdich skipet dy krante my lykwols mei kritiken fan gâns minder taalnivo ôf. It besoarget my geregeld kromme teannen en seare eagen. Ik haw it dan oer de skriuwerij fan Jetske Bilker. Dy stapt geregeld, sûnder hokfoar needsaak ek, oer ús taalgrinzen hinne en sjocht net op in hollânnisme mear of minder. Boppedat krûpt se gauris dat Frysk oan dat it tichtste by it Hollânsk leit. Soks kin as in foarm fan *frisofoby* omskreaun wurde. Dat se it Frysk dêr bewust of ûnbewust ûnderstek mei docht, liket se net goed te

beseffen of har der net bot om te bekroadzjen. Har skôgings binne, yn alle gefallen wat it taagebrûk oanbelanget, in ‘trendbrek’. Se is foar my ien fan dy skriuwers dy’t de ‘weg naar het kakhuis’ yllustrearje en mei har skriuwwurk en skriuwzwe it taalferfal yn de media befoarderje. Om de lêzer te ferdútsen wêr’t ik it oer haw en hoe slim oft dat is, kin ik net mei in pear foarbylden folstean. Om it oersichtlik te hâlden, binne dy foarbylden as ‘Opskerpers’ njonken de tekst fan dit artikel ôfprinte. Yn de lofter kolom wurde hieltyd de minne of net-Fryske wurden of (parten fan) sinnen oanhelle. Rjochts steane (suggestjes foar) ferbetterings. (Fanwegen de romte yn *Swingel koe it net oars en meitsje in kar út it rynske oanbod. De hiele samling komt mooglik noch op it ynternet, want dy is gaadlik as lesmateriaal. Red.*) Dy is gaadlik as lesmateriaal en fertsjinnet om útjûn te wurden. Red.) Skerpje jo mar op ...

Ik bin de iennichste net dy’t argewaasje hat fan sok rûch omslaan mei ús taal. Jant van der Weg, in kollega-kritika fan frou Bilker dy’t yn it *Friesch Dagblad* skriuwt, kin de bonken en bonkjes ek wol fine. Frou Van der Weg skôge bygelyks ek de Fryske oersetting fan in boek oer Harry Potter fan frou Bilker.² Wat eufemistysk skreau se: “Wol is dy oersetting net oer alle boegen slagge. Sa bliuwt men bygelyks hieltyd heakjen by it Nederlânk-Fryske wurd ‘yts’ dat konsekwiint brûkt wurdt ynklusyf it mâlbearende ‘says’. Dan giet jin even de grize oer de grouwe. Nedich hie dat net west, te mear as men sjocht hoe’t op oare plakken minder gongbere Fryske wurden brûkt wurde.”³

Dy mâlbearende foarbylden – hjirboppe en yn de Opskerpers – giet jin de grize fan oer de grouwe. Men bliuwt der yndied yn heakjen. It binne ornaris net de minst skrandere lju dy’t literêre kritiken lêze. De taalflaters dêryn binne ta skea fan de kommunikaasje tusken skriuwer en sokke lêzers. Ommers, heakjende lêzers bliuwe stykjen en hawwe amper each foar de ynhâld as de foarm net doocht. It halo-effekt⁴ docht dan as

Opskerpers 2

De ûndersteande min- of net-Fryske sitaten binne better yn sinferbân te begripen

dy relaasje ferrint <i>flekkeles</i>	se hawwe in suvere relaasje
nei myn miening	neffens my
Hy koe net om de brieven himme	Hy koe net foar de brieven wei
It oerkaam C.	It kaam C. oer
dat ferskynsel algemiener benaderje kinne	dat ferskynsel algemiener oanpakke (besjen) kinne
de boadskip	it boadskip
dat se sa gau mei Jurjen tegarre wenjen gien is	dat sy en Jurjen sa gau byinoar wennen
in skoalmaster mei ‘verfoegd pensjoen’	in skoalmaster dy’t earder (betider) mei pinsjoen gongen is
in ûnheilspellende sfear, wêr’t je net altyd wat mei kinne	in driigjende sfear, dêr’t men net altiden watmei kin
De bern meie fergees mei de boat mei dit opienstapeljen fan beskriuwend sinnen	De bern meie fergees mei de boat dat opinoar steapeljen fan sinnen, oainoar breidzjen fan sinnen
kloppet dat wol?	komt dat wol goed/klear?, doocht dat wol?
hat de driuw field lytse details fêst te lizzen	om lytse details
Wa syn âlden yn dy tiid opgroeid binne	Wa syn âlden oft yn dy tiid opgroeid binne
dêr folget in beskriuwing fan hoe moai Auck dêr boartsje koe	hoe moai oft Auck dêr hoe moai Auck dêr boartsje koe[net] boartsje koe
de herinnerings dy’t by in brief oanslute	oantinkens; wat se har by it brief te binnenbringe kin, wat har sa byfalt
fanôf it momint	fan it momint ôf
dan wit men hoe men it opfetsje moat	hoe’t men it opfetsje moat
Ake dy’t studearjen gie yn Brussel	Ake dy’t nei Brussel gie/gong om te studearjen
pine wurdt oandikt	oerdreaun, oanset
de frou moetet har geheime geleafde	geheime, har leafste, de man dêr’t se yn it geheim (temûk, stikem) fan hâldt/hold
yts sa freeslik, dêr is de ein fan wei	in sa freeslik foarfal, wat freesliks, eat dat sa freeslik is

Opskerpers 2 (fuortsetting)

de lêzer bliuwt him ôffreegjen	de lêzer bliuwt sitten mei de fraach wat; de lêzer sil net ophâlde fan/mei him ôf te freegjen wat
mar it slacht nergens op	mar it slacht op neat/nearne op; it roait nearne (net) nei
Yn hokker rjochting we de bundel pleatse om oan te jaan hoe swier it famke it hat	yn hokfoar rjochting oft wy de bondel pleatse om oan te jaan hoe swier oft it famke it wol net hat
Litte wy hoopje dat	Lit ús hoopje dat
in barren dat net plak fine kinnen hat	dat net mooglik is/wie, net foarfalle kin/koe
Der binne tefolle details dy't net klopje	dy't net doge
hoe soene dy trochfretten huzebesitters	de fol fretten huzebesitters
hoe't er yn wezen neat seit	wêzen
In polityk korrekt gedachte	polityk korrekt tinken
in literêr bedoeld boek	in boek dat in literêr karakter hawwe moat
wat har heit dêrfan fine sil	wat har heit dêrfan tinke sil
Hoe bang men doetiids wie foar in oanfal	hoe bang oft men doetiids net foar in oanfal wie
De rekken fan de diere-arts fynt se te heech	de rekken fan de feedokter is neffens har te heech
Wêrom dat krekt bard is, stiet der net by	Wêrom't dat bard is
ien dy't de siden wol fult	fol makket, fol kriget, follet
Hille tinkt net djip oer wêrom sa'n	wêrom't sa'n
troch har heit te gehoarsumjen	troch net nei har heit te hearren, troch net om heite sizzen te jaan
Se sprekke ôf dat	Se prate ôf [sa seit in echte Fries dat]
Willem komt syn sels skreaune ferhaal fertellen	W komt om syn sels skreaun ferhaal te fertellen as doarpsferteller
Froeger oerkaam it dy as havolearling noch datst	Foarhinne/earder/yn it ferline kaam it dy as hafû-learling noch oer datst
der mei gjin wurd om 'e nocht yn stean	gjin wurd tefolle
waans haadpersoan fan hot nei her wylst fljocht	ûnderwyls/ûnderwilens witwêr (earne) fljocht
it bliuwt my yn 'e besnijng hâlden	it hâldt my yn 'e besnijng
ferhalen dy't leuk genôch lykje	aardich, nijsgirrich, moai genôch, moaiernôch

fanselessprekkend syn destruktif wurk. Fryskkundige lêzers heakje sadwaande domwei ôf. Se wolle Jetske har wei nei it 'kakhuis' net langer beagan.⁵

Ik doar har Potter-oersetting dus amper iepen te slaan. Frou Bilker tinkt sels dat se der goed oan docht om de taal fan de bern oan te krûpen. Se wol tusken Frysk taaleigen en de taal fan 'de' bern yn sitten gean. En komt dan blykber út by alderlei soarten ynterferinsjes. Se liket mar net yn te sjen te kinnen dat 'geef' en 'dreech' yn it Frysk net itselde is.⁶ Goede skriuwers en oersetters kinne ek sûnder hollânismen wurk meitsje dat aardich flot te lêzen is. By de útjouwer (Bornmeer) moatte se harren noch mar ris efter de earen klauwe, foardat se it ljocht op grien sette foar noch mear fan sok taalûnrant. Jimme begripe it sa njonkelytsen wol. As ik útjouwer wie, dan makke frou Bilker by my gjin inkelde kâns.

De korreksje fan en by de Ljouwerter Krante

Oant safier oer it taalgedrach fan Jetske Bilker yn har rol as kritika en kritikeraster yn de LC. Yn dy rol stapt se

bewust of ûnbewust bûten de stringen fan wat noch Frysk neamd wurde mei.⁷ It sil wol in kombinaasje fan ûnkunde en ûnwil wêze. Op har 'weg naar het kakhuis' is se te folgjen yn in medium dat hjoed de dei, as ik Pieter de Groot leauwe mei, oan korreksje (ek) net folle mear dwaan kin.⁸ Kin dat wierliken net oars? "Fouten ergeren lezers en redactie", skriuwt haadredakteur Rimmer Mulder yn syn 'Achter de kolommen'. Hy ferdútst dat de krante al lang gjin ôfdieling korreksje mear hat en dat de redaksje it no sels dwaan moat: "In het streven naar nul fouten wordt van elke pagina een print gemaakt die moet worden nagelezen. [...] Juist de afgelopen weken stonden er meer fouten in de krant dan ons lief is. We moesten leren werken met een nieuw tekst- en opmaak-systeem. Het is de plaag van de automatisering. Systemen hebben een kort

leven. Vervanging betekent eerst extra werkdruk, want de krant moet gewoon blijven verschijnen. Het lezen van de paginaprints schoot er daarom wel eens bij in. Lezers die nu opmerken dat ze daar geen boodschap aan hebben omdat de redactie gewoon voor een foutloze krant moet zorgen, hebben gelijk. Daarom nemen we ons voor volgende jaar [2008] weer voor het aantal fouten terug te dringen.”

Dat ropt by my de fraach op oft de ‘paginaprints’ mei de skôgings fan frou Bilker der hjoed de dei noch altiten by ynsjitte. Of is it gewoan ûnkunde fan de redaksje? Dan sil dat ferholpen wurde moatte.

Frou Bilker, mar dat jildt likegoed foar oaren dy’t har yn it Frysk uterje, moat de literatuer fan ‘taalwarders’ der nochris op neislaan om har kennis fan it

Fryske taaleigen en de taalregels fan it Frysk te fergrutsjen en te ferbetterjen. In goed wurdboek soe ek net ferkeard wêze. Lykas in staveringsboekje. Der binne (by Tresoar en Afûk) genôch boarnen te finen op it mêd fan ‘styl en staving’ dy’t noch alle dagen har wearde bewize.

Noaten

- 1 T[eake] H[oekema]. ‘In te min achtslein aspekt by de literatuerbeoordieling’ (Lyts Frisia, tydskrift foar Fryske striid en literatuer, jrg. XXXV, nû. 7-9, july-sept. 1986, 45-48). It artikel fan Hoekema is ek oan te klikken op: www.fryskebeweging.nl/ffu/podium/podium2005/enearer. Sjoch ek myn artikel oer ‘De kwaliteit fan it Frysk yn de media en by oare Fryske ynstellings (I-III)’ (Swingel, nû. 19 o/m 21, 2007/2008).
- 2 J.K. Rowling. Harry Potter en de Stien fan ‘e wizen (Ljouwert/Uttert: Bornmeer. Oersetter: Jetske Bilker).
- 3 Jant van der Weg. ‘Bestseller Harry Potter yn it Frysk’ (Friesch Dagblad, 15 sept. 2007, ‘Sneinspetiele’, s. 39). In alinea fan harres dy’t dêrby oanslút, is likegoed kritysk: “It gedicht fan de Sortearhoed is yn de Nederlânske oersettings gâns better slagge as yn de Fryske. Yn

Opskerpers 2 (fuortsetting)

it ferhaal wurdt earder fuortlein	oan 'e kant lein
no sadelet se Yme der mei op	no skipet se Yme der mei op
de skriuwer hat dit opfongen	hat dat opfongen, ophêind
sakket de spanning fuort	sakket de spanning wei
leed fan peste lytse jonkjes	leed fan lytse jonkjes dy't narre (pest) wurde
in roman dy't dizze aspekten útgebreider behammelet	dy't dy aspekten wiidweidiger behammelet
oft it no sa leuk is	aardich
in ynteressant gegeven	feit, in nijsgjirige bysûnderheid, û
hy stjer tidens syn trimoerke	doe't er oan it trimmen wie
meastal oerkomt de haadpersoanen	meastal komt it de haadpersoanen oer
noait giet se ergens op yn	nea (nea net) giet se op wat yn; earne op yn
de ynhâld is fan minder fan belang as de mate wêryn't er genietsje kin	de ynhâld is fan minder belang as it geniet dat er hat fan, as it genietsjen fan
de naderjende menopause	de tichterby kommende menopause; de menopause dy't der oan komt. [se moat hast oer de goudene brêge hinne]
in leuke ferkearingstiid is oars	in moaie, noflikke, plezierige, aardige
alles wurdt ferklearre fanút it hjoeddeistich stânpunt	it wurdt út it hjoeddeistich stânpunt wei ferklearre
dochs fyn ik	dochs achtsje ik, bin ik fan betinken dat, by my is it
de reade tried dêr't Agatha nei socht	dêr't A. om socht
dit gegeven wurdt ûnderstreke	dat feit wurdt
allinne mar begripen te neamen	begripen
hoe paf de omstanners stienen	hoe fersteld oft se stiene, hoe't se har besauden oer
wurdt der in poging dien	wurdt der besocht om, wurdt der writen dien om, wurde der prikken yn it wurk steld om
yn 'e brief	yn it brief
alles yn 'e simmer plakfûn	wie, syn beslach krige, foarfoel
se toant har skerpe blik oangeande	se hat in skerp each foar
wa't graach lêst oer froeger	it ferline, eartids, alear(en), earder tiden
út syn bêd	fan 't bêd ôf

dy lêste is dúdlik wraksele om in goed ekwi-
valint te krijen, en allinne al it feit dat men
dêr as lêzer weet fan hat, sprekt net foar de
kwaliteit. In letterlik út it Nederlânsk oersetse
sin as 'wat harren de glimk fan harren snút
ôffeie sil', is net echt fraai, krekt likemin as
'frûnsjend' foar 'fronsend'. Ik haw dêr de
foarholle ek by fronsele.

- 4 'Halo' betsjut letterlik 'strielekrânse'. Der
wurdt fan in halo-effekt praet as bykomstige
skaaimerken in 'útstrieling' (d.w.s. in steuren-

de ynfloed) hawwe op in beoardielingsút-
komst. Dat kin bygelyks trochdat de skriuwer
fan in tekst taal- en staveringsflaters makket.

- 5 Jetske har mûnling taalgebrûk is al net folle
oars as har skriftlik hantearjen fan de taal:
"Jetske Bilker: 'De reaksjes op de Nederlânske
drezelsite wiene hiel fûl. Guon fûnen it
belachlik [Neffens guon wie it bespotlik/-
healwiis; sth]. Mar der wiene ek minsken dy't
it hartstikke leuk fûnen [dy't ornearren dat is
o sa moai wie; sth]'. Oanhaal út Sietse de

Opskerpers 4

By weromwizende foarnamwurden en bywurden wurdt altyd ôfstan holden

fansels wit Schotanus dit wol	dat wol
Dit wiermeitsje; dizze gedachte ...	dat; dy
Troch ditsoarte fan útspraken ...	datsoarte
Dizze K. en H. moatte gegevens oerseine	Dy K. en H. moatte ynformaasje oerseine
Dizze boerinne skreau stikjes	dy boerinne
Dit boek lit him wol lêze	Dat boek
Dit ta fertriet fan ...	Dat ta fertriet fan
Dizze 'Neam my mar Willem' is proaza ...	Dy [...] is
hoe't men hjimmei rêde moat ...	dêrmei
Dizze 'boereprofessor fan Hijum' ...	dy
dit wichtige momint ...	dat
it ferhaal is hjir in foarbyld fan	it ferhaal is dêr [wiist werom] in foarbyld fan
de reaksjes hjir op fan oaren ...	de reaksjes dêrop fan oaren
mar dit komt oan de ein wer goed	dat komt wer goed
Hjir is in skriuwer oan it wurd ...	dêr is...

Opskerpers 3

Parten fan sitaten. Yn it Frysk stiet it wurd 'ek' net foar oan.

en ek hjir	en hjir ek
mar ek dat bart hjir net	mar dat bart hjir ek net
se ferbrekke ek no en dan taboes	se ferbrekke no en dan ek taboes
Ek binne der resultaten werom te finen ...	De resultaten binnen ek werom te finen ...
Ek de earste siden sizze in protte ta	De earste siden ûnthjitte ek in protte
Ek yn de oare ferhalen bringt er ...	Yn de oare ferhalen bringt er ek ...
Ek lit de skriuwster har net ferliede ta ...	De skriuwster lit har ek net ferliede ta ...
Ek fernimme we hoe't	Wy fernimme yn it earste part ek hoe't
Ek de earste siden sizze in protte ta	De earste siden ûnthjitte ek in protte

- Vries, 'Swurkbal spylje op Swiniastate' (Leeu-
warder Courant, 22-06-2007, 'Freed', s. 22).
- 6 Jetske Bilker yn in artikel fan Hedwig Terpstra
mei de titel 'Jetske Bilker (1960) oer har oer-
setting fan Harry Potter yn it Frysk' (NO,
BOEK, nû .21, aug 2007, s. 35): "Fernimst ek
dat yn dizze tiid in hiel soad echt Fryske wur-
den en foaral útdrukkings yn ûnbrûk reitsje.
Hearst hieltyd minder echt Frysk taaleigen
om dy hinne. Dus dan is it gjin wûnder dat
de bern en de jongerein dat taaleigen net iens
mear kenne of werkenne. Dêr moast wat tus-
kenyn sitten gean: tusken moai sfearfol Frysk
taaleigen en de taal dy't net te fier fan de bern
ôf stiet."
- 7 Sjoch yn Swingel (2007-2008) ek myn ear-
dere artikels oer 'De kwaliteit fan it Frysk yn

- de media en by oare Fryske ynstellings, I-III'.
- 8 Pieter de Groot skriuwt yn syn rubryk 'Harje'
(Leeuwarder Courant, 02-06-2007) oer pyn-
like feroarings yn it krantebedriuw: "De
tweede verandering was minder pijnlijk, maar
wel een met grote gevolgen: de komst van de
computer. Dat betekende het einde van de
vertrouwde schrijfmachine, waarop de ver-
slaggevers hun stukjes tikten. En het beteken-
de al gauw ook het einde van de teletype-

afdeling, waar geschoolde teletypisten de stukjes zetklaar maakten en van de correctieafdeling, waar taalvaardige correctoren de fouten eruit haalden. De redactie moest voortaan zelf zorgdragen voor zo 'schoon' mogelijke beeldschermkopij.

Als er een kanjer van een fout in de krant is blijven staan, kun je met weemoed terugverlangen naar oude tijden. Maar één ding is zeker: de 'schoolmeester' met het rode pot-

lood komt niet terug. De verbetering wordt gezocht in het vervolmaken van het systeem, dus zeg maar van de computer. Daaraan wordt op het ogenblik hard gewerkt."

By it NRC Handelsblad, in kwaliteitsblêd, kleie lêzers frij geregeld oer 'krom Nederlands' yn de kolommen fan dy krante en wurde bewizen dêrfan bybrocht. Birgit Donker, haadredakteur, is har dêr Aldergelokst tige fan bewust. Se skriuwt dêroer: "De lezer

heeft gelijk. Slordigheden in taalgebruik zijn storend, horen niet in de krant en zeker niet in het hoofdredactioneel commentaar. Tegelijkertijd is de krant een product dat per definitie in korte tijd en onder hoge druk wordt gemaakt. Als er tegen de deadline wordt gewerkt om het laatste nieuws zo goed mogelijk in de krant te zetten, is een fout snel gemaakt. Gelukkig attenderen lezers ons regelmatig op onze taalfouten. Brieven als

deze zijn dan ook een extra aansporing om zo zorgvuldig mogelijk te blijven schrijven en zo veel mogelijk 'snelheidrempels' uit de weg te ruimen" (01-12-2007, s. 16). In reaksje in kwaliteitskrante weardich. Hoe heech wiene de 'faasjedrempels' yn de Ljouwerter by al dy stikjes fan Jetske Bilker? Falle dy ek ûnder 'lêste nijs'? Of hat dy krante yndied gjin redakteuren (mear) dy't it Frysk noch goed korrijearje kinne?

Doar.nl hâldt op



Arjan Hut (l) kriget in ôfskiedsattsinsje út hannen fan Renze Valk, skriuwer fan de Ried.

Yn juny 2008 joech de redaksje fan Doar.nl definityf oan om net fierder mei har inisjatyf gean te wollen. Doar.nl wie fan 2003 o/m 2006 in platfoarm om it skreaune Frysk ûnder de jongerein te befoarderjen. Wilens binne de redakteuren âlder wurden en nefens har binne der no mear middels om de jongerein foar it skriuwen te ynteressearjen as yn 2003.

Yn 2006 stalden Arjan Hut en Elizabeth Hietkamp it Doar-boek gear dêr't stikjes en stikels foar skreaun binne troch jonge lju fan 3 oant 33 jier.

De Ried fan de Fryske Beweging seit minlik 'tige tank' foar it krewearjen fan Arjan Hut en Elizabeth Hietkamp en al dy oaren dy't foar Doar skreaun hawwe. Wy winskje Arjan en Elizabeth noch in protte ynspiraasje ta foar nije projekten lykas 'Toe no' en 'Onferjitlik lok'.

Oantekens fan de **riedsgearkomste** fan de

Gryt Elsinga

Ried fan de **Fryske Beweging** op 6 novimber 2008

Oanwêzich: Jaap van der Bij (foarsitter), Sjieuwe Borger, Jan Breimer, Pyt Deelstra, Tom Dijkstra, Sytze T. Hiemstra, Wiebe Lageveen, Barend Nijboer, Bertus Postma, Jaap Rinzema, Durk van der Schaaf, Klaske Straatsma-Westerhof, Meindert Tjerksta, Renze Valk, Klaas Wassenaar, Gryt Elsinga (ferslach) en Maria Delgrosso (LC)

Mei kundskip ôfwêzich: Reinder Bil, Henk Bloemhoff, Hâns Dijk, Froukje de Jong-Krap, Wolter Jetten, Ed Knotter, Geeske Krol-Benedictus, Jan Romkes van der Wal en Hâns Weijer

1. Iepenjen

Jaap van der Bij iepenet om goed healwei achten de gearkomste.

2. Meidielings en ynkommen stikken

Froukje de Jong hat Jaap van der Bij in e-mailtsje stjoerd. Jaap lêst dat yn syn bêste Biltsk foar. Froukje fynt yn it produkteplan 2009 te min oer it Biltsk werom. Jaap is it dêr wol mei iens en merkt op dat it ek foar it Stellingwarfs

jildt. Jaap nimt dêr kontakt mei Froukje de Jong oer op.

Henk Bloemhoff hat by syn ôfmelding oanjûn dat er “bi’jkotten even kontakt mit de heer Van der Bij zuke sil om even bi’j te praoten.”

3. Fêststellen fan de wurklist

De wurklist wurdt sûnder wizigings fêststeld.

4. Nij bestjoerslid

It bestjoer stelt út om **Meindert Tjerkstra** as bestjoerslid te beneamen. Yn syn CV (bylage) jout Meindert oan dat er him ynsette wol om de posysje fan de Fryske taal en de Fryske kultuer te fersterkjen. Mei syn kennis en kunde op it mêd fan media en technyk wol er graach in bydrage leverje oan de PR fan de RfdFB.

Meindert wurdt by akklamaasje beneamd. Jaap merkt op dat de âldens fan

it bestjoer trochinoar rekkene dêr aardich mei sakket: Meindert is 25 jier.

5. Oantekens fan de gearkomste fan 13 maart 2008

De oantekens wurde sûnder wizigings fêststeld, mei tank oan **Gryt Elsinga**.

6. Jierferslach 2007 (wurdt útrikt)

Jan Breimer hat it ferslach ta in goed lêsber ferhaal redigearre en Jaap van der Bij hat der in kreas boekje fan makke.

Opmerkings:

By de nammen op side 11 wurde titels neamd, mar dy fan Baukje Westra ûntbrekt. Tenei alle titels neame of weilitte.

Yn it jierferslach hie ek it finansjeel ferslach opnommen wurde moatten. Sil tenei barre.

Al mei al, oan it oersjoch is te sjen dat de RfdFB wer hiel wat út 'e wei set hat.

7. Oanfalsplan Frysk (wurdt útrikt)

Op 29 oktober 2008 hat de (yn de Riedsgearkomste fan maart al oankundige) stúdzjedei west.

It wie in tige slagge dei. Krapoan hûndert eksperts yn ûnderskate domeinen – ûnderwiis, ekonomy, media, soarch, rjocht, bestjoer en kultuer – wiene nei de Fryske Akademy kommen om oer it Oanfalsplan te redendieren. De skriuwers fan it Oanfalsplan sieten de diskusjegroepen foar en yn alle groepen wie in saakkundige útnoege om it petear op gong te bringen. Jaap neamt in pear as foarbyld: Oebele Brouwer by rjocht, Roel Cazemier by media.

Yn alle groepen siet ek in notulist. Oan 'e hân fan de ferslaggen komme de skriuwers mei in nij stik dat yn jannewaris 2009 yn de steatekommisje Boarger en Mienskip besprutsen wurde sil.

It rapport is bedoeld as hantrekken foar in nij provinsjaal belied. It hjoeddeiske beliedsplan rint noch oant 2010.

Durk van der Schaaf: Op de diskusje yn it ramt fan de Steateferkiezings yn maart 2007 is ôfpraat om de steate leden healwei de rit te freegjen wat se fan har tasizzings op dy jûn wier makke hawwe. Beleit de RfdFB noch sa'n gearkomste?

Besletten wurdt om de reaksje fan de komisje Boarger en Mienskip op it nije stik begjin takomme jier ôf te wachtsjen.

8. Produkteplan 2009

It plan wurdt puntsgewiis trochnommen.

Yn de ynlieding moat mear omtinken oan it Biltsk en it Stellingwarfs bestege wurde.

A.1a. In oansprekkende DVD foar jonge âlden.

It idee stiet op in sêft sin. De provinsje is sels yn 'e mande mei de Afûk begûn om in taaltaske oan alle jonge âlden út te rikken. De provinsje hat gjin jild oer foar it ûntwikkeljen fan de DVD troch de RfdFB. Der is besocht sponzers te finen mar dat hat noch neat opsmiten.

A.2 In Deltaplan foar Frysk opstelle. It Deltaplan is Oanfalsplan wurden.

A.4 Ynlisfellen oer it brûken foar it Frysk yn ferienings. Wurdt mei trochgien.

B.5 Ynterfryske dikekaart oer de trije Fryslannen ûntwikkelje. Dat rint. **Wolter Jetten** hat it mei Kerst Huisman opnommen.

D. It brûken fan Frysk stimulearje. **Durk van der Schaaf** stelt út om bierfilsjes mei in Fryske tekst te ûntwikkeljen. In protte minsken krije dan Frysk ûnder eagen, benammen jongerein. Hy bepraat it yn de Sosjaal Ekonomyske Kommisje.

G. Ynternasjonale Kontakttekommisje By dat ûnderdiel is fergetten om op te nimmen dat Jaap van der

Bij op it kongres fan de FUEN (Federal Union of European Nationalities) keazen is as fertsjintwurdiger fan it westen yn it nij-oprjochte “European Dialogue Forum” fan nasjonale taal minderheden.

It Foarum is in foarm fan oparbeidzjen mei de saneamde “Intergroup” fan nasjonale en taal minderheden yn it Europeeske Parlemint, ûnder it foarsitterskip fan de Hongaar Tabadji, mei de FUEN en de jongereinorganisaasje YEN (Youth of European Nationalities).

It Forum sil twa kear jiers gearkomme yn Straatsburch om de belangen, problemen en strategyen te besprekken fan de autochtoane, nasjonale minderheden yn Europa en tsjinje as ynstitusjoneel ramt foar it kontakt tusken de polityk en dy minderheden.

De foarsitter komt mei in nij idee. Der soe eins folle mear Frysk yn de doarpskrantsjes en klupkrantsjes brûkt wurde moatte. In oarsaak dat dat net safolle bart is dat in protte minsken bang binne dat se tefolle flaters yn it Frysk meitsje. Der is fansels de mooglikheid om it troch de Afûk of troch it Gysbert Japicxhûs dwaan te litten, mar

dy ôfstân is faak te grut. Dêrom soe der in netwurk komme moatte fan minsken dy't graach efkes it artikel- (tsje) neisjen en ferbetterje wolle. Dy minsken moatte wol tichteby wêze. De gearkomste fynt dat in goed idee en der wurdt besletten dat besocht wurde sil om in sa fynmeskich mooglik netwurk fan sokke 'teksthúskes' op te bouwen.

It produkteplan wurdt, ôfsjoen fan de taalferbetteringen dy't noch oanbrocht wurde, akkoart befûn.

9. Mearjierreplan en mearjierre-rûzing

Der is ûndúdlikens oer de sifers. It sil op 'e nij besjoen wurde. In nije fersyk wurdt tastjoerd.

10. Winnen fan nije stipers

Wolter Jetten hat struibriefkes by restauranten, kroegen en doarpshuzen dellein en in tal eksimplaren nei fer-skate studinteferienings opstjoerd. It hat oant no noch neat opsmiten. **Bertus Postma** stelt út om de struibriefkes út de dielen op de gearkomsten fan by de RfdFB oansletten organisaasje. Oan alle oansletten kriten fan it 'Boun

om utens' binne ek struibriefkes tastjoerd mei it fersyk om dy op gearkomsten op de tafels te lizzen en der is frege oft de foarsitter oan it begjin fan de gearkomste dêr efkes omtinken foar freget. As Jaap en Renze troch ferienings útnoege wurde om te sprekken, soene dêr ek struibriefkes útdield wurde kinne. Fierder wurdt oppenearre om in struibriefke by de Swingel yn te dwaan mei it fersyk in nije stiper te winnen.

11. Nijsbrief

Yn it produkteplan stiet by C. 8. dat yn 2009 besocht wurde sil om in op in breed publyk rjochte periodyk út te jaan. Meindert Tjerkstra, it nije bestjoerslid, hat alfêst in ûntwerp makke (giet by de oanwêzigen lâns). It is de bedoeling om dat blêd, mei posityf Frysk nijs, yn wachtkeamers ensafuorhinne del te lizzen. It giet no om de gedachte dy't derefter sit. De kosten en hoe faak it blêd útkomme moatte soe nêst de Swingel, binne punten dy't noch besjoen wurde moatte.

De oanwêzigen achtsje it in goed idee en hawwe alle betrouwen yn de útwurking

12. Winnen fan nije oansletten organisaasjes

Troch oare drokte hat it efkes stillein, mar Jaap en Renze sille meikoarten wer organisaasjes dy't noch op it listke steane, oansykje.

13. It presintearjen fan it Selskipsspul en it oanbieden oan Deputearre Jannewietske de Vries op 19 novimber op de Anna Maria van Schurmanskoalle yn Frjentsjer

De útnoegings binne de doar út (dejingen dy't jûn oanwêzich binne hawwe 'm útrikt krige).

It selskipsspul kostet € 32,50. Der giet in yntekenlist om. As it spul oer de post ferstjoerd wurde moat, komme der nochal wat portokosten by. Jaap freget dêrom oft guon riedsleden 'kontaktpunt' wurde wolle. Dejingen dy't er op it each hat, ferspraat oer de provinsje, geane akkoart.

14. Fêststellen fan datum folgjende gearkomste

De folgjende gearkomste sil wêze op tongersdei 19 maart 2009 om 19.30 oere op it Keetwâltsje 1 yn Ljouwert.

15. Omfreegjen

Tom Dijkstra freget omtinken foar de feestlike presintaasje fan de Fryske Kanon op tiisdei 11 novimber 2008.

Bertus Postma hat yn de krante lêzen dat de steatefraksje fan it CDA útsprutsen hat tsjin twatalich ûnderwiis te wêzen. Der sil opheldering frege wurde.

16. Sluten

Om 22.00 oere slút de foarsitter de gearkomste.

De Ried fan de Fryske Beweging

Wa't yn Fryslân libbet en wennet, hat wat mei Fryslân. Foar de iene is dat it lânskip, foar in oarenien de mentaliteit, de taal, it keatsen, it fee, it silen en neam mar op. Al jierren is der yn Fryslân in organisaasje dy't him ynset foar it karakter fan Fryslân: de Ried fan de Fryske Beweging

Wat is de Ried fan de Fryske Beweging?

De Ried fan de Fryske Beweging is as oerkoepeling fan in grut tal bewegingsorganisaasjes de belange-organisaasje foar minsken dy't wiis binne mei Fryslân en dy't har ynsette foar romte foar it Frysk en de Fryske kultuer. De Ried is in ûnôfhinklike frijwilligersorganisaasje.

Aktiviteiten fan de Ried binne:

- **Politike lobby foar it Frysk**
- **Fear yn 'e Broek**
- **De Fryske Reklamepriis**
- **Swingel**

Politike lobby foar it Frysk

Op provinsjaal en lanlik nivo wurde aldergeduerigen wetten opsteld en regels útfurdige dy't streekrjocht of mei in omwei ynfloed hawwe op it Frysk. Al is

it somtiden dreech wurk, mar dêr moat op reagearre wurde yn de foarm fan skriftlike reaksjes of ynpraak. Sa hat de Ried yn it ferline mei sukses it omtinken fan de polityk frege foar it beroerde plak fan it Frysk yn it taalûnderwiis oan beukers.

Fear yn 'e Broek

Alle jierren rikt de Ried op it 'nijjiersûpke' de Fear yn 'e Broek út oan in persoan of in ynstânsje dy't him opfallend ynset hat foar de Fryske taal of kultuer. Yn 2006 waard de minsken fan 'Aaipop' de Fear yn 'e broek stutsen, om't dy organisaasje mei de muzykfestivals yn

Nijlân de Fryske kultuer op in bysûndere wize stimulearret, en yn 2007 Frivius Energzy, fanwegen har Fryske útstrieling. Yn 2008 gie de Fear nei Danijel Dizdarevic en Rick Steur, twa nije Friezen dy't de Fryske taal har gau eigen makke hawwe en op in treflike wize brûke.

De Fryske Reklamepriis

It brûken fan it Frysk yn radio- en televyzjereklame wint geandewei mear terrein. Om dat te stypjen hat de Ried fan de Fryske Beweging it inisjatyf nommen om alle jierren in priis út te rikken oan in bedriuw dat him dêryn fan de bêste kant sjen lit.

Swingel

Mei Swingel, it tydskrift oer Fryske taal en kultuer, krije jo trije kear jiers in skat oan ynformaasje yn 'e hûs. Aardige ynterviews, nijsgjirrige berjochten, pittige kollums. Yn Swingel fine jo ynformaasje oer tal fan Fryske organisaasjes.

Wiis mei Fryslân?

Utnoeging

Leden en stipers fan de Ried wurde útnoege foar de **gearkomste fan de Ried fan de Fryske Beweging** op tongersdei **19 maart 2009** om **19.30 oere**, Keetwâltsje 1, Ljouwert

De leden krije de wurklist en byhearrende stikken tastjoerd.

Stipers dy't de gearkomste bywenje wolle, wurdt oanret om dat foar 25 febrewaris oan it bestjoer witte te litten*. Dan krije se de gearkomstestikken ek tastjoerd.

It ferslach fan de lêsthouden Riedsgearkomste, op 6 novimber 2008, stiet yn dizze Swingel.

It bestjoer

* Leafst oer de e-post (info@fryskebeweging.nl), oars mei in briefke nei Bestjoer RfdFB, Keetwâltsje 1, 8921 EV Ljouwert ûnder opjefte fan it adres dêr't de stikken hinne moatte.